

Omrop Fryslân makket ferhalen dy't ynformearje, ynspirearje en amusearje.
Dêrmei ferbynt en ferrikt de Omrop elkenien dy't him of har mei Fryslân ferbûn fielt.

Omrop Fryslân siket in:

Freelance Mediatechnikus (Audiotechnikus /programmastiper)

Omrop Fryslân is op syk nei in freelance mediatechnikus dy't ús team fersterket, mei as spesjalisearje audiotechnyk en programmastipe. As freelancer bist do ferantwurdlik foar it leverjen fan heechwaardige audioproduksjes foar útstjoeringen en oare media-uterings fan de omrop. Do silst ynskeakele wurde foar ferskate projekten en opdrachten, wêrby 'tst dyn ekspertize ynsette kinst op it mêd fan audiotechnyk en programmastipe.

Dyn wurksemheden as freelancer omfetsje ûnder oare:

- ✓ Betsjinje en kontrolearje fan audio-apparatuer lykas mingpanielen, mikrofoans ensfh.
- ✓ Soargje foar heechwaardige lûdskwaliteit by ûnder oare live-útstjoerings en opnames.
- ✓ Lûdstests dwaan en steuringen ferhelpe as dat nedich is.
- ✓ Montearje fan audioklips, ynterviews en oare lûdsfragminten foar programma's.
- ✓ Meihelpe by de tarieding en útfiering fan lûdsopnamen op lokaasje.
- ✓ Bydrage oan it ûntwikkeljen fan nije audioproduksjes en konsepten.
- ✓ Beheare fan telefoanferbiningen by live-útstjoeringen, ynteraksje mei harkers mooglik meitsje.
- ✓ Starte fan jingles, muzyk en oare audiokomponenten neffens it programmaformat.
- ✓ Programmameiwurkers stypje by it opsetten fan de programma's en it plannen fan de audiokomponenten.
- ✓ Bydrage oan teamgearkomsten, brainstoarmsesjes en evaluaasjes fan útstjoeringen.

Wat freegje wy fan dy as freelancer?

- ✓ Oantoanbere ûnderfining en feardichheden op it mêd fan audiotechnyk en programmastipe.
- ✓ Foarkar foar in ôfrûne oplieding mbu/hbu yn de audiotechnyk, media of yn in ferlykber fakgebiet.
- ✓ Tige goed op de hichte wêze fan audiotechnyk, ynklusyf lûdssystemen, sinjaalferwurking en opname-apparatuer.
- ✓ Underfining mei software foar audioproduksjes.
- ✓ Poerbêste kommunikative feardichheden en it fermogen om ûnder druk wurkje te kinnen.
- ✓ Problemen oplosse kinne en rap hannelje kinne by technyske steuringen.
- ✓ Fleksibiliteit en reewilligens om ek bûten reguliere wurktiden te wurkjen (jûns en yn it wykein).

- ✓ Affiniteit mei radio- en/of telefyzjeproduksje en ferstân fan programmafoarmjouwing.

Wat biede wy dy as freelancer?

- ✓ In passend taryf, ôfstimd op dyn wurkûnderfining en de omfang fan 'e opdracht, neffens de jildende tariven foar freelancers.
- ✓ In betroubere betelling dy't altyd op 'e tiid is.
- ✓ In útdaagjende funksje yn in dynamyske en kreative omjouwing.
- ✓ In ynspirearjende wurkomjouwing mei kollega's dy't hert foar de saak hawwe.

By Omrop Fryslân wolle wy in ôfspegeling fan de maatskippij wêze, sawol yn ús berjochtjouwing, yn ús personielsbestân as yn ús netwurk fan freelancers. Wês wolkom by Omrop Fryslân en fiel dy frij om te sollisitearjen.

Hast do wat mei lûd en altyd al dreamd fan in rol efter de skermen by in libbene omrop? Dan is dit dyn kâns. Toan ynteresse troch relevante ynformaasje te stjoeren nei Ilse Gielstra fia p&o@omropfryslan.nl ynformaasje lykas relevante wurkûnderfining, feardichheden, beskikberens en referinsjes. Reagearje kin oant 12 maaie 2024.

Wolst mear witte oer de fakatuere, nim dan kontakt op mei René Dijk of mail nei rene.dijk@Omropfryslan.nl